

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 42 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Douwe Hoogland
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 23 maart hawwe de gemeenten Achtkarspelen¹ en Tytsjerksteradiel² advizen útbrocht oan it Ministearje fan Ekonomyske Saken oer it oanpaste gaswinningsplan (Tietjerk) fan Vermilion mei ferlinging oant 2050 ta.</p> <p>De FNP hat krekt as de twa gemeenten grutte soargen oer de gefolgen fan de nije plannen. Ut de advizen oan it Ministearje blykt dat der in grouwélige soad ekstra gas oppompt wurde sil en de maksimale delgong yn it gebiet oprinne kin nei 32 sintimeter. Ek wurdt de kâns op swierdere ierdbevingen grutter.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is Deputearre Steaten fan Fryslân ek om in advys oer it gaswinningsplan frege? Hat it kolleezje ek in advys útbrocht of sil it dat ynkoarten dwaan?2. Neffens it brief fan Tytsjerksteradiel giet it foar in part om it oanboarjen fan nije boaiemlagen en dêrom om nije eksploraasje, wêr't neffens it regearakkoart fan de hjoeddeiske demisjonêre regearing op lân gjin fergunnings mear foar ôfjûn wurde sille. Sil it kolleezje de Minister dêr yn syn advys ek op wize?3. As gefolch fan de gaswinning wurdt der in grutte ekstra boaiemdelgong ferwachte en wurdt de kâns op swierdere ierdbevingen grutter. Ek is yn it winningsplan opnaam dat fracking mooglik wêze sil. Wat is it tinken fan it kolleezje fan Deputearre Steaten oer de ekstra risiko's dy't troch it nije gaswinningsplan (Tietjerk) ûntsteane foar de minsken en gebouwen yn it gebiet? Hoe wurde de gefolgen fan de ekstra boaiemdelgong foar de wetterhúshâlding yn it gebiet kompensearre?4. Hoe wurde de ynwenners fan it gebiet ynformearre en belutsen by de plannen en de mooglike gefolgen?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Wopke Veenstra
Datum	29 maart 2021

¹ 23 maart 2021, Gemeente Achtkarspelen, 'winningsplan Tietjerk';

² 23 maart 2021, Gemeente Tytsjerksteradiel, 'Adviesverzoek aan decentrale overheden op het gewijzigde winningsplan Tytsjerk (Vermilion)'